



K O N I N K L I J K E N E D E R L A N D S E
A K A D E M I E V A N W E T E N S C H A P P E N

Ynvestearje yn kwaliteit

Hemminga, P.

published in

De Moanne: algemien-kultureel opinyblêd
2003

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (2003). Ynvestearje yn kwaliteit. *De Moanne: algemien-kultureel opinyblêd*, 2(7), 20-22.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Ynvestearje yn kwaliteit



Wat hat it earste healjier fan 2003 al net oplevere? Yn alle gefallen twa ferkiezings dy't beide aldergeloks moai wat stimmers lutsen. De Steateferkiezings soargen yn Fryslân foar in splinternij Kolleezje fan Deputearren: ien deputearre ferfongen. En de Keamerferkiezings leveren in splinternij kabinet op: mar leafst acht nije gesichten yn de ploech fan 26 bewâldslju. Beide bestjoersorganen fine har grûnslach yn in moai akkoart. 'Investeren in kwaliteit' en 'meedoen, meer werk, minder regels', sa binne de biedwurden fan dy beide fûnemintele beliedsstikken. Dat moat boarger en bouwer wol moed jaan, sa soe men tinke.

20

NOARDLIKE BOUWERS

De noardlike bouwers hawwe de trije noardlike provinsjale bestjoeren koartlyn ta mear aksje oanfitere. Net om faker in fleske wyn iepen te lûken, mar om mear te (fer)bouwen en folle krigeler te wurden as it om it binnenheljen fan Haachsk jild giet, sa fine de warbere ûndernimmers. Ik miende út de parlemintêre enkête nei de boufraude krekt begrepen te hawwen dat de bouwers sels och sa tûk en ynnovatyf wienen mei it binnenheljen fan Haachsk en oar oerheidsjild, mar no kin it blykber net langer sûnder de stipe fan de provinsjes. Dat de bou him yn de rjochting fan de provinsjes oppenearret is trouwens minder frjemd as op it earste gesicht liket. Sa jout it Fryske provinsjale bestjoersakkoart 2003-2007 bygelyks wol omtinken oan lytse ekonomyske sektoaren as fiskerij, glêstúnbou en skipsbou, wylst de yn Fryslân dochs grutte bousektor bûten beskôging bliuwt. Mooglik is de bou efkes ferjitten, om't it provinsjaal omtinken foaral nei de eigen ferbouwing útgiet. It ynfieren fan in dualistyske opset foar it provinsjaal bestjoer is sà wichtich, dat it bestjoersakkoart dêr fuortendaliks mei begiint. Ek de fierdere ynrjochting fan it bestjoer freget in opmerklik grut omtinken yn it bestjoersakkoart. Dat nei binnen rjochte omtinken is oars in opmerklik ferskil mei it akkoart dat de grûnslach foar it nije kabinet foarmet.

IT FRYSKKE AKKOART

It dualisme is, sa seit it Fryske bestjoersakkoart 2003-2007, gjin doel op himsels, mar in middel om de provinsjale polityk werkenberder oer it fuotljocht te krijen. Sadwaande moatte de belutsenens fan de ynwenners en it demokratysk gehalte fan it bestjoer grutter wurde. De kultueromslach dy't nedich is om op dat mêd werklik wat te berikken is ien fan de grutte útdagings foar de kommende fjouwer jier. No, ik bin benijd hoe't dy útdaging útwurkje sil. De provinsje sil dêrta meidertiid grif de resultaten fan de ferbouwing op in rychje sette. En dat lit fuortendaliks ek de fraach opkomme wat der dien wurdt as dy resultaten mooglik wat tsjinfalle. Hoe sil de belutsenens fan de ynwenners fierders fêststeld wurde en hokfoar noarm wurdt dêrop loslitten? Hoe grut is feitlik dy belutsenens yn de hjoeddeiske taskôgersdemokrasj? De opkomst by de Steateferkiezings seit net alles, soe ik sizze. En it soe in hiel frjemde flater wurde as belutsenens lyksteld wurdt mei bekendheid mei de provinsje. As dat bart, is de ferlieding grif grut om ek nochris nei de nammebekendheid fan deputearren te sjen. Wâ't noch fan it eardere 'ûndersyk' nei it imago fan de provinsje wit, is net ferrast as it dêr krekt om gean soe. Mar sa'n yntroverte en te beheinde benadering soe net earlik rjocht dwaan oan de maatskiplike



belutsenens fan de ynwenners fan de provinsje, sa't dy bygelyks nei foaren komt op it nivo fan strjitte, buert, doarp of gemeente of op it mêd fan kultuer, skoalle, sport of tsjerke. It neamen fan de werkenberens fan de provinsjale polityk bart fansels net sûnder sin. Blykber moat hoe dan ek besocht wurde om de provinsje bekender en foaral populêrder te meitsjen. Foar de belanghawwenden is it spitich, mar as it dêrom giet, is de ferbouwing by foarrie al mislearre.

Net allinne de belutsenens fan de boarger by de provinsjale polityk moat grutter wurde, ek it demokratysk gehalte fan it provinsjaal bestjoer moat foarútholpen wurde.

ALDE POLITYK

Net allinne de belutsenens fan de boarger by de provinsjale polityk moat grutter wurde, ek it demokratysk gehalte fan it provinsjaal bestjoer moat foarútholpen wurde. Hoe grut is feitlik dat demokratysk gehalte op dit stuit en earder? Hoe wurdt dat metten? Wêr leit de noarm foar goed en minder goed? Wat binne njonken it ynfierde dualisme de oare ynstruminten om dat gehalte better te krijen? En, om by de resinte aktualiteit te bliuwen, yn hoefier hat sok stribjen in rol spile by de formaasje fan it nije Kolleezje fan Deputearren? Ik leau der bygelyks neat

fan dat it opnimmen fan de ferliezer fan de lêste Steateferkiezings yn it kolleezje past yn it besykjen om it demokratysk gehalte fan de provinsjale polityk te ferheegjen. In koalysje dy't troch 37 fan de 55 steateleden stipe wurdt, kin dochs suver gjin bydrage ta fleurich dualisme wêze. Fryslân hat, net oars as yn praktysk alle provinsjes, foar de âlde en bewende paden keazen. De kar foar in 'breed' gearstald Kolleezje fan Deputearren stipet, oars as de koalysjegenoaten sels tinke, net fuortendaliks it ûntstean fan de neistribbe mear politike ferhâldings. Doe't de VVD yn 2002 syn kandidatelyst foar de Steaten bekendmakke, waard de nije listlûker, as staaltsje fan wol hiel âlde polityk, fêst presintearre as de nije deputearre. Wat dat oangiet koe de kiezer wol thús bliuwe en hat it hiele provinsjale formaasjesirkus oerstallich west. Sok dwaan liket it dualisme tusken bestjoer en boargers aardich better te stypjen as dat yn it Provinsjehûs.

PROVINSJAAL DUALISME

It ynfieren fan in dualistysk provinsjaal bestjoer is neffens datselde bestjoer de wichtichste wiziging yn it provinsjale bestel fan de lêste 150 jier. Dat seit net allinne wat oer it dualisme, mar likefolle oer it provinsjaal bestel. It provinsjale oardiel is miskien dochs wat al te folle kleurd troch it aktuele momint en liket my suver te maklik foarby te gean oan, ik neam mar wat, it oprjochtsjen fan politike partijen ein njoggentjinde en begjin tweintichste ieu, de ynfiering fan it algemien kiesrjocht en it ôfskaffen fan it distriktestelsel yn 1917, it ôfskaffen fan de opkomstplicht yn 1970 of de nije provinsjewet fan 1992. It moat boppedat noch mar bliken dwaan wat de nije taakferdieling tusken Deputearre en Provinsjale Steaten werklik opsmite sil. Ik haw trouwens myn twifel oft der wol ea in antwurd komme sil op de fraach nei de opbringsten fan de dualisearring. It bestjoersakkoart begjint wol mei grutte wurden oer it provinsjale konstruktive dualisme, mar wa't tinkt dêrnei, bygelyks yn paragraaf 2 'Inrichting bestuur', in útwurking tsjin te kommen, wurdt teloarsteld. Wol sil besocht wurde om de provinsjale regels en oarderingen yn te koartsjen en te ferienfaldigjen, mar dat is fansels wat oars as it oansprekber of demokratysker meitsjen fan it provinsjaal bestjoer. Hawar, it soe spitich wêze as de opmerkings,

dy't yn it akkoart oer demokratysk gehalte en boargerlike belutsenens makke binne by eintsjebeslút al te maklik delskreaun binne en feitlik tefolle op pauzen lykje soenen.

KWALITEITSYMPULS

De provinsje freget in nije algemien direkteur/provinsjesekretaris. Fan dy funksjonaris, de eardere griffier, mei grif ek in kwaliteitsympuls foar ûnder mear it provinsjale dualistyske dwaan en litten ferwachte wurde. It profyl dat foar de nije man of frou de wrâld ynstjoerd is liicht der ommers net om. It giet neffens de advertinsjetekst om in strategysk manager dy't sinjalen en



ûntjouwings thúsbringe kin en yn belied en aktiviteiten fan de provinsjale organisaasje omset. De sekretaris ynspirearret as feroarmanager en hat boppedat ûnderfining mei in organisaasje dy't feroaret. As talintmanager soarget de funksjonaris foar in klimaat dêr't profesjonele en persoanlike ûntwikkeling yn stipe en útdage wurdt. De sekretaris bynt, boeit, besielet en sprekt op (net-)winske hâlden en dragen oan. Boppedat moat it netwurk fan de man of frou oan in (?) relevant netwurk foar de provinsje Fryslân bydrage. De sekretaris ferstiet, lêst en praat Frysk. Dat is nammers de iennichste frege feardigens dy't letter noch leard wurde mei... Fierders folle net genôch, want de nije provinsjale amtlike baas wurdt ek noch, al foardat er beneamd is, priizge fanwegen syn fisy, ûndernimmerskip, probleemanalyse, groepsrjochte liederskip, oertsjûgingskrêft, beslútfeardigens, organisaasjegefoeligens en yntegerens. It beane salaris fan hûnderttûzen euro it jier is net al te folle foar in sekretaris mei safolle kwaliteiten en yn in provinsje lykas Fryslân. Mar goed, de funksje fan provinsjesekretaris is troch it earder oanlûken fan sawol in steategriffier as in adjunkt fansels wol in bytsje útklaaid. Dat lêste stiet lykwols net yn de advertinsjetekst fan de *Human Capital Group*.

IT HAACHSKE AKKOART

It motto fan it kabinetsakkoart 'meedoen, meer werk, minder regels' falt by de noardlike bouwers grif ek goed yn de smaak. It akkoart yn grutte halen foar it nije kabinet set út ein mei it oanjaan fan de ynset fan it nije kabinet: in sterke ekonomy, in slachfeardige oerheid, in bettere demokrasy en in feilige maatskippij. Dat makket it ferskil mei it provinsjale akkoart fuortendaliks dúdlik. Dêr't Fryslân begjint mei de ynrjochting fan it eigen bestjoer, freget it kabinet omtinken foar it sosjaal-ekonomysk belied, it ûnderwiis, de feiligens en de soarch. Bestjoerlike fernijing en iepenbier bestjoer komme pas as seisde ûnderwerp oan de oarder. Dêrmei liket Den Haach, en dat is dochs opmerklik, justjes minder yntrovert te wêzen as it Fryske provinsjaal bestjoer. Tagelyk makket it Haachske akkoart wol moai dúdlik dat dualisme allinne net genôch is. Sa is it de bedoeling om it kiesstelsel te ferbouwen, de keazen boargemaster

komt deroan en de tarieding en útfiering fan de beslútfoariming troch de oerheid sille ferbettere wurde. Mar goed, yn Den Haach bestiet dan ek al justjes langer ûnderfining mei in dualistyske opset as yn Ljouwert.

WEROMSJEN

Fryslân moat as selsstannige bestjoersienheid bestean bliuwe, sa is it earste útstel yn it provinsjale oersjoch fan it te fieren belied. Dat is hiel moai. Allinne, it is de fraach oft sa'n aksiomatysk sizzen op 'en doer genôch is. It bestean fan departeminten, gemeenten en allerhanne organisaasjes feroaret hurd, it iepenbier ferfier moat op prestaasjes ôfreckene wurde, de dokterswacht moat evaluearre wurde, allerhanne organisaasjes wurde fisitearre en kulturele ynstellings wurde beoardiele op prestaasjes en útstrieling (!), mar soks jildt blykber net foar de provinsje. Wurdt it net tiid om ris wat mear te sjen nei de *in-* en *output* fan it útdijende provinsjale apparaat? Wat binne de provinsjale kosten en baten as it bygelyks giet om it meidwaan oan de *Neue Hanze Interregio* of de *North Sea Commission*? Hoe stiet it winliken mei de *efficiency* en it rendemint fan it provinsjaal hanneljen? Hoe presteart de provinsje Fryslân yn ferliking ta de oare provinsjes of ta beskate gemeenten? Wat betsjut it sizzen dat de provinsje in aktiver arbeidsmerkbelied fiere sil? Wat dogge hja no en wat hat it oant no ta koste en oplevere? Hoefolle jild, tiid en minsken binne op saken set lykas de rûnwei om Snits, de heak om Ljouwert, de ferdûbeling fan de Wâldwei of it nije spoar nei it Westen ta, en wat smyt it op? De provinsje wol neigean hokfoar duorsumens-projekten foar Fryslân fan belang wêze kinne, sûnder foarby te gean oan de maatskiplike kosten en baten. En de maatskiplike, ekonomyske en romtlike effekten fan de sâlt- en gaswinning sille yn byld brocht wurde. Hat it dan net likefolle doel om dyselde effekten, mar dan fan it provinsjaal dwaan en litten yntegraal yn byld te bringen? No't de provinsjale polityk dêr yn it provinsjale bestjoersakkoart sels gjin oanset ta jout en de noardlike bouwers dochs al oan it oanfiterjen binne, wolle dy de provinsje mooglik meikoarten ek wol freegie om yn kwaliteit te yvestearjen troch krekt wat faker werom te sjen en mear omtinken oan it eigen feitlik prestearen te jaan. ■